



Nationale
Voorleeslunch
vrijdag 3 oktober 2025

DE ÛNDERHIERDER

Nelleke Noordervliet

Friese vertaling: Stephan Berger

De lêste kandidaat wie in studint. Dêr hie Violet it net sa op, mar ek studinten moatte wenje. Syn brief wie aardich en grappich. Se mocht har de hannen taknipe mei syn oanwêzigens yn har hûs, sa skreau er. Hy wie in labrador, trou, sterk, behelpsum, wach. Mar se hoegde him net út te litten. Allinne mar foardielen, dus.

Ut en troch krige se in briefke yn 'e bus fan keamersykjende jongelju, krekt lykas se briefkes krige fan Delftse dakdekkers en Braziliaanske skjinmakkers of Poalske asperzjestekkers, mar dy moasten fansels yn Limboarch wêze. Har hûs wie grut, hie trije ferdjippings en in kelder en lei op in sintraal mar rêstich plak. It inkelde nammeplaatsje suggerearre dat der romte oer wie. Der waard har fan alle kanten in bytsje in skuldgefoel oanpraat – guon neamden har sels asosjaal – dat se net ferhuze nei in lytsere wente om romte te meitsjen foar jonge gesinnen. Of minimaal in pear keamers ferhiere! In kommensaal soe har net allinne sosjale kontakten, mar ek moai wat sinten opsmite. “Win-win”, hie har freondin Saskia sein, dy’t sels mei har man in romme filla yn it Goai bewenne en der net oer prakkesearre om nei in lyts appartemintsje te gean. Hoewol’t Violet folslein tefreden wie mei de romte yn har hûs, wie se úteinlik swicht foar de maatskiplike druk en hie se mei in advertinsje in bulte sollisitanten rispe, dêr’t se trije fan útkeazen hie om op petear te kommen. Cyrille Padmos, de labrador, wie de lêste.

Hy hie in boskje tulpen mei, krekt simpel genôch om net op

omkeapjen te lykjen. Yn syn foarkommen hie er yndied wat fan in goed grutbrochte jonge hûn dy't mei muoite syn entûsjasme yn 'e stokken hâlde koe. Ut har tiid as learares Dútsk op it Stedsgymnasium koe se it type wol. Gjin jonkje mear, mar noch hiel ûnwennich man. Se stelde him op syn gemak en frege nei syn wenomstannichheden op it stuit. Se koe wol hearre dat er ea stammere hie, mar dêrfoar therapy hân hie. Somtiden waard er in bytsje read by it fersêftsjen fan in plofklank. Och hear, tocht se. In streekje foar op de twa slûchslimme froulju dy't earder delkaam wienen.

“Wat ik yn de oanbieding ha is it efterste part fan de souderetaazje mei in dûs, in keukenblok en in skiterich lyts dakterraske. It is net de bedoeling datst Yndyske rystafels foar dyn hiele freonerûnte klearmakkest, mar in ienfâldich potsje foar dysels kinst der goed klearmeitsje. By de priis sit in twawyklikse himmelbeurt mei myn help yn, mar ik wol net troch in rotsoai fan klean en troep wâdzje moatte. Bytsje opromme hâlde, dus. Muzyk net te lûd. En ast in freondintsje of sa hast, mei se bêst ris sliepen bliuwe, mar meitsje der gjin bordeel fan.”

Hy wie it mei alles iens, lake as er in wurd grappich fûn. ‘Bordeel’, bygelyks. Ynienen sei er: “Jo d-dogge my oan ien tinken.”

“Suster Clivia,” antwurde se. “Ik ha bytiden in bytsje it aksint fan Hetty Blok yn ‘Ja zuster, nee zuster’.”

“O, wit ik net,” sei er. Fansels wist er dat net. Se wie sels noch jong doe't dy searje útstjoerd waard. Jongelju fan no wisten neat mear. Sels de namme Annie M.G. Schmidt soarge foar fraachtekens yn 'e eagen.

“Ik sil dy de romte efkes sjen litte.”

Hy rûn mei stevige, fearjende stappen foar har de twa treppen op, nei de souder ta. Se bylde har al yn dat er nachts thúskaam, dat

er tocht dat er súntsjes die. In ynholden gycheljen fan it fanke dat him op 'e sokken folge. Se die de doar nei it ferhierbere stik iepen. It wie krekt kreas en fris ferve. Se hie der in bêd yn setten en in eins hiel aardich bankje, plus in buro mei in burostoel. Utsicht op 'e beammen fan de binnentún en it stikje platdak dêr't krekt twa terrasstuollen op koenen. Se wie der sels hiel tefreden oer. Hie sy soks mar hân as jonge studinte.

Cyrille die de doar nei it dakterras iepen en hong oer de balustrade om de tunen sjen te kinnen. Ynienen hie se in déjà vu. Dit byld wie har fertroud. Dit koe se. Dy rêch, de beweging fan de holle. Dit hie se earder meimakke, mar wannear? En mei wa?

“It is wol wat ik sykje,” sei er wylst er de doar wer tichtdie en op it âlde bankje sitten gie om it te probearjen, om him yn te tinken hoe't er dêr sitte soe as se him útkeazen hie.

Sil ik him kieze? tocht se. It déjà vu hold har dwaande. Der wie wat mei Cyrille. Wat bekends. Wat fertrouds, mar net perfoarst wat nofliks.

“Kom efkes mei nei ûnderen, dan drinke wy noch in bakje kofje,” sei se. Hy folge har.

“De tún,” sei er, “sjocht der út as kin der wol wat oan dien wurde. Gjin krityk, hear! Mar ik bin wol in grienfanaat.”

Wie de frijer fan Lady Chatterly net in túnger? Se stoppe de pikante gedachte fier fuort, mar krekt dêr, yn dat heimlike hoekje, fûn se de feroarsaker fan har déjà vu: Anton. Dy hie krekt sa lang en slongelich west as Cyrille. En lykas Cyrille mei de rêch nei har ta stie, wylst er nei de tunen seach, sa hie Anton mei syn rêch nei har ta stien, op in oar balkon. Hiel lang lyn. Allinnich hie Anton neaken west. It wie harren earste nacht tegearre en se hie elk momint derfan opslein yn de skatkeamer fan har ûnthâld.

“Ik bin net sa fanatyk yn de tún,” sei se wylst se in bakje kofje

foar him makke. “Ik ha te min geduld. As ik wat plantsje, moat it fuort bloeie. En wat ûnkrûd oanbelanget sjoch ik gjin inkelde reden om it frisselgrien foar te lûken op de nôtklimmer. Alles mei groeie en bloeie fan my.”

“Ja, dat sjoch ik,” sei Cyrille, dy’t no foar de túndoarren stie en nei bûten ta seach. Yn it tsjinljocht like er echt op Anton. Anton hie it liif fan in roeier, brede skouders, smelle heupen, stevige billen. Hy koe har mei gemak mei ien earm optille, al wie se wier gjin fearke. Och fij, dêr bruts in oantal oantinkens út in fersegele doaske.

“Dochst oan sport, Cyrille?” frege se. Hy draaide him wer om en gie by syn bakje kofje sitten.

“Ik roei,” sei er.

“Dat mienst!” Hy seach har fernuvere oan.

“Wat is der sa frjemd oan roeien?”

“Neat. Nee hear, neat. Ik hie eartiids in freon dy’t roeide, sadwaande.”

Der foel in stilte. Se seach Anton foar har oer sitten, ferdjippe yn ’e krante. Sa no en dan seach er nei har op en foarme er syn lippen ta in tút. Yn it begjin hie se der in kleur fan krigen, dat er sa syn leafde sjen liet. Dêrnei rekke se deroan wend en fûn se it sels lestich hoe’t er har altyd efkes oanrekke as er har foarby gie, har efkes streake, oanhelle. Se fûn it kliemsk en optwingerich. Nee, net sasear dy oanrekkings mar it delheljen dat se derûnder fiede. “Famke,” sei er ek altyd. Of, noch slimmer: “Popke”. Krekt lykas by Cissy van Marxveldt de frijers fan Joop ter Heul en har freondinnen praten. Dochs wie Anton betrouber en sympatyk. En in spiersterke roeier.

“Ik skilderje ek,” sei Cyrille.

“Keunst? Of ferverst muorren en houtwurk?” frege se.

Cyrille moast laitsje. “Ik doch beide.”

Anton hie nea sa artystyk west. Yn elk museum krompen de

skilderijen fan syn eigenwize blik. Dochs wienen de earste moannen fan harren ferealens paradyslik. Se fielde har bemind en beskerme, lange nei in ferlovingsring, lykas al har freondinnen yn dy tiid. Mar doe't de bú't ien kear binnen wie, kaam de klad yn har adoraasje. Om syn besitterichheid. Se wie syn froutsje, skatsje, poeske, oant se har syn finzene fielde en besocht har los te wrotten. Dat wie him net nei 't sin. Hy joech har kommando's, as wie se in hûn. Dy Cyrille tsjinoer har like kwa uterlik bot op Anton, it wie gewoan grizelich. Tink dy ris yn dat er him no fan syn oangename kant sjen liet, mar dat er him, ien kear nei wenjen set hat op har souder, as tiran ûntjouwe soe.

“Hasto miskien in pake dy't Anton hjit?” frege se.

“Wat in grappige fraach,” sei er. “Ja, ús pake fan mem har kant hjitte yndied Anton.” Violet har hert sloech oer. “Anton van Dijk. Lykas de skilder.” Gelokkich. Net har Anton. De likenis wie ek net hiel opfallend. It wie mear it stal as it gesicht. “Hawwe jo pake kend?”

“Nee. Ik koe in oare Anton. Dêr likest wat op.”

Der foel wer in stilte. Se hie graach hân dat er noch efkes bleau, sadat se nei it oerwûnen stammerjen yn syn stim harkje koe en nei syn hoekige bewegings sjen koe. Se koe allinnich domme klisjeefragen betinke. Mar ho ris, der skeat har wat yn 't sin.

“Sis, ast graach skilderje meist, soest de oare kant fan de souder wol ynrjochtsje kinne as atelier. Foar in lytse fergoeding. Miskien wolst dy romte ek efkes sjen?” It klonk hast smeekjend. Dat wie net de bedoeling. “Net om it jild. It is om te helpen.”

Mei in skeef glimke, dêr't út bliken die dat er har trochhie, stie er op, stjitte suver hast it kopke fan de tafel en klom de trep nei souder wer op. Se folge hymjend. It wie der wat tsjuster en der stiene wat âlde meubels.

“Net safolle ljocht,” sei er.

“As it rût himmele is en it gerdyntsje is fuort, sil it wol slagje,” sei se.

“Hoefolle mear hier?” Se neamde it bedrach. Hy knikte.

“Mei ik it oare part nochris sjen? Om it goed foar de bril te hawwen?”

“Fansels.”

Violet frege har ôf wêrom’t er twivele. Moast er der wier noch oer neitinke? It wie dochs in bûtenkânske? Se hie wol fyftich reaksjes hân. Se fernuvere har oer harsels. Earst nei lang beried dy advertinsje setten en no bang dat dizze bongel it net moai genôch fûn? Mei skrik betocht se dat se ek beoardiele waard. Sy wie likegoed sollisitante. Foar de posysje fan hospita. Hy koe hár ôfwize. Se waard der kjel fan.

“Hast it sjoen? Ik gean nei ûnderen.”

Miskien blaasde se de hiele ûndernimming wol ôf. Anton, aldermachtichst, Anton, ôfstoffe en wol, stie yn de festibule fan har oantinkens. As Cyrille tahappe soe en har ûnderhierder waard, hie se alle dagen Anton op ’e trep.

“Ik wit oan wa’t jo my t-tinken d-dogge,” sei Cyrille, doe’t er wer ûnder wie. “Oan de frou fan de konsjerzje fan myn âlde skoalle. Thea Trouwborst.”

Hawar, hy sette mar wer ris ôf. “De keamer wol ik miskien wol. It atelier net.”

“Hearst fan my,” sei Violet in bytsje koart. Sy soe kieze, hin? Sy en in oar net.

Doe’t de ‘labrador’ fuort wie, rûn se glimkjend de tún yn en geniete se fan it oerdiedige grien. Se sykhelle djip. De roazen rûkten hearlik.

Dit ferhaal is skreaun yn opdracht fan de Culturele Apotheek foar de **Nationale Voorleeslunch 2025**. Op **freed 3 oktober 2025**, Nationale Ouderendag, is de tolfde edysje fan de Nationale Voorleeslunch. Bekende en ûnbekende Nederlanners lêze op dy dei foar oan âlderen yn it hiele lân. Nelleke Noordervliet lêst it ferhaal sels foar op telefyzje, om **12.10** oere en **13.20** oere op **NPO 1**.

De Voorleeslunch wurdt organisearre troch de Culturele Apotheek yn gearwurking mei biblioteken en fersoargingshuzen en lit sjen dat foarlêzen in maklik ta te passen aktiviteit is, dy't bydraacht oan de kwaliteit fan soarch foar âlderen. It foarlêzen fan in ferhaal jout ûntspanning en is faak in oanlieding om mei-inoar te praten of oantinkens op te heljen.

Wolle jo mear witte oer de voorleeslunch?
Gean nei: **www.nationalevoorleeslunch.nl**.

